

## Ministerie van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap

> Retroadres Postbus 16375, 2500 BJ De Haach

DINGtiid  
Dhr. J. Koster  
Westersingel 4  
8913 CK LEEUWARDEN

### Middelber Berops Underwiis

Rijnstraat 50  
De Haach  
Postbus 16375  
2500BJ De Haach  
[www.rijks-overheid.nl](http://www.rijks-overheid.nl)

### Kontakt persoan

### Us referinsje

45674906

### Jo brief fan

28 novimber 2023

### Jo referinsje

20231128

Datum 31 maaie 2024

Giet oer Advysbrief DINGtiid n.o.f. moasje Frysk yn it mbû

Rju achte bestjoer fan DINGtiid,

Alderearst wol ik jo, mei út namme fan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, hertlik betankje foar jo advysbrief oer it Frysk yn it mbû. It docht my deugd dat jo brief trochkrongen is fan it belang fan it mbû foar de provinsje Fryslân, om't it mbû de rêchbonke fan ús maatskippij foarmet.

### *Earste befinings*

Yn jo brief jouwe jo yn jo earste befinings in oersicht fan de status fan it Frysk yn it mbû, wêrby't jo boppedat de needsaak fan it stevich ferankerjen fan it Frysk yn it mbû dúdlik meitsje. As minister van Onderwijs, Kultuer en Wittenskip bin ik my bewust fan dizze needsaak, en fyn ik dat fan grut belang. Mbû-skoallen yn Fryslân hawwe dan ek de mooglikheid om it kardiell Frysk oan te bieden, sadat studinten harren taalfeardigens Frysk (fierder) ûntwikkelje kinne. Yn de nije bestjoersôfspraak sprekke Provinsje én it Ryk it stribjen út dat mbû-studinten sa goed as mooglik taret wurde op de lokale arbeidsmerk en in meartalige beropskontekst.

Ek sketse jo yn jo brief de posysje fan it Frysk yn it mbû, út it wetlik ramt wei besjoen, mei dêrby spesjaal omtinken foar de útdruklike winsk fan it ûnderwiisfjild yn Fryslân om kêst 8.1.d fan it Europeesk Hânfêst dochs noch te ûndertekenjen. Ta beslút beskriuwe jo de wichtichste ûntwikkelings fan it Frysk yn it mbû, wêrnei't jo sketse hokker weardefolle wurksumheden in praktoraat 'Meartaligens en taalûntwikkeling yn it mbû' útfiere kinne soe.

### *Ferdjippjend ûndersyk troch DINGtiid*

Jo jouwe oan dat DINGtiid ferdjippjend ûndersyk dwaan sil nei in trijetal saken. In ferkenning fan de winsklikens om de Fryske taal as ien fan de basisfeardichheden yn de WEB op te nimmen, it mooglik meitsjen fan in kardiell Frysk yn oare beropsopliedings yn Fryslân en it monitoarjen fan "de kwaliteiten dy't opdien binne foar it útoefenjen fan it berop". Te witten de beropstaalfeardigens en it effektyf kommunisearje kinne yn meartalige wurksituasjes. De punten dy't jo neame, lykje my relevant om fierder te ûndersykjen.

### *Oanrekommandaasjes*

Op grûn fan jo earste befinings dogge jo yn jo brief twa oanrekommandaasjes. As earste riede jo de Ryksoerheid oan om kêt 8.1.d, ûnderdiel iii, fan it Europeesk Hânfêst te ûndertekenjen en sa in "al besteande situaasje te bestindigjen". Ik stean hjir posityf foaroer, en ik sil mei de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes en de minister fan Bûtenlânske Saken ferkenne oft en hoe't wy ta ûndertekening oergean kinne. Dit slút oan by it ferkennen fan BZK fan de mooglikheden om foar it Frysk oanfoljende kêsten te ratifisearjen ûnder it Europeesk Hânfêst n.o.f. de moasje fan it lid Vedder<sup>1</sup>. Yn it neijier fan 2024 sil ik de Keamer hjiroer fierder ynformearje.

**Us referinsje**  
45674906

Dêrneist jouwe jo oan dat de ynstelling fan in praktoraat de heechste prioriteit hat. Ik bin it mei jo iens dat it praktoraat in wichtige rol spylje kin by de beskermjen en befoarderjen fan it Frysk. It amendemint<sup>2</sup> dat yn 'e rin fan it nije bestjoersakkoart opropt ta finansiering fan it praktoraat út myn ministearje wei is ûnderwilens oannommen troch de Twadde Keamer. Myn ministearje bliuwt mei de Provinsje Fryslân oansletten by de fierdere útwurking fan it praktoraat.

Ik winskje jo in soad sukses ta mei jo ferdjippjend ûndersyk en it ministearje sjocht de útkomsten graach temjitte.

Mei freonlike groetnis,

mei út namme fan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,  
de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip,

Robbert Dijkgraaf

---

<sup>1</sup> Moasje 36410 VII nr. 95.

<sup>2</sup> [Amendement Soepboer c.s. oer in praktoraat Frysk – Fêststelling fan de begruttingsteaten fan it Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip \(VIII\) foar it jier 2024 – Parlemintêre monitor](#)